

# Lot Frysk en Frij bliuwt ûnwis

## Wurkgroep moat foarstel meitsje

LJOUWERT - „De bom ûnder de stoel fan Frysk en Frij bliuwt lizzen, allinnich de lont wurdt wat langer.” Dat wie de konklúzje fan steatelid drs. Pyt-Jon Sikkema (Progressyf Fryslân) neidat de steatekommisje wolwêzen justerjoun nei rom twa oeren kediizjen besletten hie dat in spesjale wurkgroep meikoarten adfys útbringe moat oer de takomst fan it Frysktalige wykblêd. Undertusken bliuwt de subysdzje foar Frysk en Frij stean.

Foardat it sa fier wie hienen trije ynsprekkers en alle leden fan de steatekommisje wiidweidige beskôgings jûn oer it besteansrjocht fan Frysk en Frij. Alle fraksjes wienen it der oer iens dat it tal van sântûzen beteljende abonnee's de iennichste betingst is wêr't men it blêd oer stroffelje litte kin. „Mar it giet net oan en gean matematysk mei it fingertsje by de betingsten lâns, sa't Deputearre Steaten dat dien ha”, sei PvdA-wurdfierder Johannes Boorsma.

Boppedat hat ien fan de foargongers fan deputearre drs. Johanneke Liemburg in pear jier ferlyn besletten dat tal te ferleegjen ta fiiftûzen, en ek it lêsjiid waard doe byslipe fan / 50 ta / 39, sa stelde hy fierders fêst. Boorsma sei der by dat de steatekommisje har dêr noait by deljûn hat. Neffens CDA-wurdfierder Piet de Jager hoecht de betingst fan it tal abonnees net sa „spikerhard” te wêzen. Hy kaam krekt as Boorsma mei it útstel in wurkgroep yn te stellen dy't ideeën foar de takomst op papier sette moat.

### Kommersjeel

VVD-wurdfierder ir. Foeke de Wolf woe net „hottefylje” oer wat der no allegear presys bard is. Hy sei it gefoel te hawwen dat in nij kommersjeel Frysktalich blêd mei in grut tal lêzers in kâns fan slagjen hat. „It moat Frysk wêze, mar it hoecht net allegear kultuer

te wêzen”, sei De Wolf. De provinsje soe de earste tiid in hoop jild yn sa'n blêd stekke kinne, om dan de jildkraan stadichoan wêr ticht te draaien.

Probleem foar de komisje wie ek dat nimmen wit wat der bart as de subysdzje foar Frysk en Frij skrast wurdt. Komt der dan in nij Frysktalich blêd? Yn'e wurden fan drs. Jan Geersing (GPV): „Je doet je oude schoenen weg, en misschien krijg je nieuwe.” Der moat besocht wurde om mear en oare lêzers te finen, lykas troch Frysk en Frij te keppeljen oan in omropblêd, sa stelde ir. Geeske Krol-Benedictus fan de FNP. Ek D66 fielde dêr wol wat foar.

### Betingsten

De haadrolspylster fan de diskusje, deputearre Johanneke Liemburg, ûntkende dat de provinsje „matematysk” te wurk gien wie. „Sa wurkje wy noait.” Der wie yn 1983 dúdlik ûntfredenens yn de Steaten oer de gong fan saken by Frysk en Frij. Dêrnei binne der betingsten fêststeld en dy binne troch Deputearre Steaten tige earnestich naam, sa lei hja út. It is neffens har Frysk en Frij yn in petear ek dúdlik makke dat de steatekommisje net akkoard gong mei de ôfspraken dy't letter makke binne mei deputearre Jaap Mulder.

De deputearre spruts nurae wurden oan it adres fan it bestjoer fan Frysk en Frij. Hja is benammen min te sprekken oer de fierde administraasje: oer it tal beteljende abonnees wie hieltyd wêr dizignigens. It die letter bliken dat Frysk en Frij ek de net beteljende lêzers meitelde. Liemburg: „De

stifting Jacobus van Loon hat in wat oare werklikheid as de provinsje.” It hie better west as it bestjoer mar fuortgong wie, sa joech de deputearre nei in fraach fan frou Krol ta. „Mar dat kinne DS net sizze”, sa heakke Liemburg deroan ta.

### Wurkgroep

Hja fielde noch it meast foar it útstel fan har partijgenoat Boorsma om in ûnôfhinklike en saakkundige wurkgroep yn te stellen dy't noch foar de simmerfakânsje mei in foarstel komme moat foar 'in' Frysktalich wykblêd. Dat kin Frysk en Frij wêze, it kin ek in nij blêd wurde.

De komisje gie der mei akkoard dat de deputearre yn elts gefal it Berie foar it Frysk, „in ûnôfhinklike tink-tank”, ynskeakelje sil. „Mar ik bliuw fan betinken dat fiiftûzen abonnee's in te lyts tal is en dat besocht wurde moat om ek net-prinsipiële Frysktaligen oan it lêzen fan sa'n blêd te krijen,” sa besleat de deputearre.



Mr. Lieuwe H. Bouma, foarsitter fan de stifting Jacobus van Loon, wie ien fan de ynsprekkers op de gearkomst fan de steatekommisje wolwêzen, dêr't it lot fan Frysk en Frij besprutsen waard.